



Make love not wâl

GREIDHOEK' FESTIVAL

sneon 9 septimber 2017

FOARFERKEAP
Jumbo-Kooistra Wommels
www.greidhoekfestival.nl

TAGONG

Kassa	12,-
Foarferkeap	10,-
12-17 & 65+	5,-
Jonger as 12	FERGEES
Hjitsto Bob?	FERGEES

 **SWIMBADTERREIN WOMMELS**

 **FAN 16.00 OERE ÔF**

CLAW BOYS CLAW PACESHIFTERS
THE JERRY HORMONE EGO TRIP
Mark Foggo's Skasters Anbu Gang Rooie Waas Sebeare
Jaap Prins+Roadhouse Dr.Vil Douwe Dijkstra en de sneue vertoning
Versjes van Lars Dansgroep de Meisjes Katie Koss Zea En noch folle mear!

JUMBO
Kooistra



Freez.it
uw ict-afdeling



OER IT GREIDHOEK' FESTIVAL

Ferline jier wiene wy noch Ien Happy Family op it terrein fan it Greidhoek Festival. Dat koe ek hast net oars mei allegear freonen fan freonen fan freonen ensafuorthinne by inoar. En wat wie dat in moai slagge edysje, it tema kaam breedút ta syn rjocht. In stikmannich misstannen waarden oan it ljocht brocht. Mar yn Nederlân, Europa, de hiele wrâld is it noch lang sa fier net. Frjemdlingen bliuwe frjemdlingen sa lang as se net mei inoar yn de kunde komme, inoar moetsje. Der kaam hoe langer hoe mear praat fan eigen folk earst, grinzen slute, de Europese Uny ferlitte, muorren bouwe.

Myn foarige foarwurd einige mei de brêge as nei myn betinken de moaiste útfining fan alle tiden en de hikke as de minst moaie. De hikke besoarget ús alle ellinde yn de wrâld. Minsken krûpe fuort efter har eigen hikken fan nasjonalisme, geloof, seksuele geaardhyd, wenplak, wat al net mear dêr't je in eigen identiteit út opmeitsje kinne. Allegear fobyën ûntstean der efter dy hikken, it is in finzenis, stientsje foar stientsje bouwd, elk stientsje another brick in the wall.

Fansels is eltsenien ferskillend, dat is júst moai. Tusken ús allegear bin kloven; je bin jesels mei eigen lichaam en skiednis, dêr is neat mis mei. Oer kloven

kin in brêge lein wurde, sa kinne je byinoar komme. En fan mekoar hâlde, make love. Mar mei sa'n hikke foar de noas kin je noait in brêge oer, dat passet net. As der no in doar yn siet... Wy fine dat mar niks, dy hikken. Om fan muorren mar te swijen, de hikken yn it kwadraat.

Sa hawwe wy dus ek dit jier wer in moai sosjaal engazjearre tema. Make Love, Not Wâl. It passet Bob as in jas. En it sil wiidweidich nei foaren komme, de keunstkommisje en wy fan it bestjoer binne der omstandich mei dwaande west en hawwe ús der op útlibbe. Jim sjogge it werom op it terrein en yn de dingen dy't der te dwaan binne. Ek mei it muzykprogramma bin ik tige wiis. Alle bands sa goed en safolle fariaasje. Fan fette blues nei hippe urban rap, fan intym nei eksplosyf, fan tige muzikaal nei útsinnich: der bart wat op de poadia. En der sil wat barre foar de poadia. De bands dy't wy hawwe sille hiel wat by jim los meitsje. Emoasje, meisjonge, dûnsje, genietsje – it dak giet der ôf. Meitsje jim der mar klear foar.

Wy begjinne al betiid en wês der by want it wurdt fuort al machtich. En it bliuwt machtich, oant yn de nacht. Dat je moatte it lang folhâlde kinne. Dêr hawwe wy hearlik iten foar, yn ferskate smaken en fansels wer

multikulti. En drinken, it kin net op. De haadpersoan yn de prachtige film Barfly, Henry Chinaski, is it net sa iens mei de Amearikaanske Dream, dy't foarskriuwt dat je wat wurde moatte yn it libben, eat dat yn it syteem past. Hy mient dat it libben frij is en dat je it libje moatte sa't je it sels goed fine. Dat smyt him nochalris wat problemen op, de finzenis is tichtby. Hy hat it net sa op finzenissen, "I hate prisons", seit er, "they've got the wrong kind of bars". Wy hawwe de goeie. Oant 9 septimber!

Foarsitter Stifting
Greibhoek Festival,

Lukas Offinga



UNTSTEAN GREIDHOEK' FESTIVAL

Yn it begjin wie der Klomprock en doe kaam Bob. Fan in sympatike benefyt-muzykjûn foar swimbad De Klomp, groeide yn de geast fan Bob Ross it suksesfolle en alsidige Greidhoek' Festival. De earste edysje yn 2011 waard troch Willem Wijnia, Wybren Jorritsma, Teade de Boer, Ate de Boer, Jos Cartens en Arnold Strikwerda opsetten, wêrby't swimbadfoarsitter Lukas Offinga it foartou naam. In moai ploechje minsken mei in ferskaat oan kwaliteiten, mar mei itselde doel wat it festival oangie. Yntym, tsjin de tried yn, eigensinnich, kreatyf, jierliks, in unyk evenemint yn de regio fol muzyk en ferskate keunstfoarmen. De earste edysje waard lyk in grut sukses ek al barde dat yn in oaze fan wetter en drek. It wie benammen de sfear en de strakke organisaasje dy't wurdearring krige bij de gasten en ek bij de artysten. Dat smakke nei mear. Yn 2012 kamen der al sa'n 800 besikers en dêrnei alle kearen sa'n 200 mear, sadat wy ferline jier al op sa 'n 1600 besikers sieten. Oan't no ta binne alle edysjes prachtige sfearfolle festivals west mei hearlike muzyk, iterij en nuveraardige keunstprojekten.

FYZJE

Troch alle jierren in orizjineel en ôfwikseljend programma del te setten, wêryn't totale kreative en artistike frijheid jildt foar alle dielnimmers, wolle we minsken yn de kunde komme litte en ferrasse mei tinzen en uteringen dy't oars as oars binne.

WA WIE BOB ROSS?

Bob Ross wie yn de jierren '80 in bekend lânskipsskilder mei in opfallend afro-kapsel. Hy hie in televyzjeprogramma wêryn't hy je yn in pear stappen sjen liet hoe maklik je in skilderij meitsje koenen. Yn dizze 'Joy of Painting' liet Bob sjen dat foutsjes net bestean; "that are just some happy little accidents", wie ien fan syn prachtige útspraken. Syn programma waard yn Amearika útstjoerd, mar ek yn Nederlân en Dútslân bygelyks. Bob Ross groeide mei troch syn hilaryske útspraken út ta in wiere kult-held. It makke him neat út dat der ek minsken wienen dy't syn programma brûkten om yn sliep te kommen of ta rêst. Bob Ross wie eigensinnich, aardich, fleurich, grappich, orizjineel, tagonklik, oars as oars, oftewol eksakt dat wy mei it Greidhoek' Festival ek ústriele wolle. Bob is dêrmei ús festivalsymboal.



MISSJE

De kessens opskodzje!



Kollum Aant Hofstra



Make love not wâl

Hoe stelle jim it jim foar? Dy greidhoekejonges en famkes dy't de muzyk en de keunst allegearre betinke foar dit festival, hoe soene dy no oan sa'n tema komme. Geane se dêrfoar de heide op? Of

It wetter miskien foar in romme blik? Of sieten se op in Bz-lokaasje yn Snits mei útsicht op allinne mar muorren? Ja, dat moat it wêze. De kop yn de sinne en in ferûntrêstend soad lege fleskes Grolsch hat harren op dizze sin brocht: Make love not wâl.

Wol moai betocht hear sa'n kromme kreet mar as taalman reitsje ik hjirfan yn de war. It Fryske "wâl" út te sprekken as it Ingelske "wall". It stiet er net mar se bedoele fansels de muorre. Gjinn muorre dus.....

In muorre, dêr hiene wy earder ek lêst fan yn Wommels. De lekkerste apels en parren hongen oan de beammen yn de pastorytún. In twa meter hege ringmuorre soarge der foar dat wy as hofkesjongers de heldhaftige skuon oan ha moasten om it appeltsjepikkersaventoer oan te gean omdat dêr it lekkerste fruit hong of omdat dêr it measte aventoer yn siet. De hinnereis wie bêst te dwaan, as wy alle tiid hiene, mar werom as je yn sân hasten fuort wêze moasten, dan wie it betiden in lêst, wylst dûmnys oer it ginneraal hielendal net ferkeard binne (make love types) en ek jong west ha. Fuort mei de muorre dat fûn ik doe al.

De gelokkich ôfbrutsen muorre yn Berlin wurdt ek prachtich besongen troch Het Klein Orkest: "wat

is toch die heilstaat, als er muren omheen staan, als je bang bent en voorzichtig met je mening moet omgaan, wat is toch die heilstaat, wat is die waard?" Dus allegearre best, gjinn muorren mear. Net om de tún fan de pastorijsje, net yn Berlin en net tusken Meksiko en Amearika. Alle muorren fuort útsein ien.

Dy iene ûnsichtbere muorre dy moat bestean bliuwe. Dy muorre dy't my by muzykoptredens yn ôfsûndering set fan de minsken om my hinne. De minsken dy't hieltyd lûder begjinne te praten oer auto's, oer fuotbal, oer leafdes en sels oer it wurk. Mei de rêch nei de optredende artysten ta.

Ik wol it net heare of sjen as ik by in konsert bin. Dêrom bou ik in muorre dy't ek maklik wer ôf te brekken is. Want yn it skoft, as der efkes gjinn muzyk is, haw ik it der graachz mei jimme oer. Douwe Dijkstra en syn sneue fertoaning, oer it Claw Boys Claw fan no en fan 1992 doe't se yn it Dielshûs stiene, oer de foar my ûnbekende Rooie Waas, oer de enerzjike Paceshifters en oer de blues fan Roadhouse. Myn tema: "Harkje en dan hawwe wy it der oer".

Aant Hofstra

JUMBOB-AKSJES

De ôfrûne wiken koenen jim mei ferskate aksjes frijkaartsjes foar it Greidhoek' Festival winne by de Jumbo-Kooistra yn Wommels. Neat wûn? Dat is spitich. Dan mar efkes Bob de fyts nei de Jumbob om in kaartsje te keapjen.



"Bob nei de Jumbob!"



ÚTLJOCHTE

Claw Boys Claw

🕒 23.15-0.15 oere 📍 Wâlhalla

Op de alderearste gearkomst fan it Greidhoek' Festival moast der in namme foar it festival betocht wurde en betocht wurde hokker bands wy graach op it festival sjen wolle soenen. Dizze band kaam as earste op it bryfke: Claw Boys Claw. It slagge allinne nea, want de sjonger fan Claw Boys Claw, Peter te Bos, wie illustrator fan Lowlands en woe nei Lowlands altiten 6 wiken frij en it Greidhoek' Festival foel altiten yn dy 6 wiken. Wy binne der dan ek o sa bliid mei dat it no nei 7 jier einliks al slagge is om 't Peter te Bos spesjaal foar ús stoppe is mei it tekenjen foar Lowlands;)

Claw Boys Claw, in Amsterdamske rockband, bestiet al sûnt 1985 en hat tusken 1997 en 2007 efkes frij naam. Yn 1991 stienen sy noch yn in útferkocht Dielshûs yn Wommels. Wat wolle je ek as je yn de advertinsje oankundige wurde as 'blaartrekkende rock 'n roll'. Jim kinne se dêrneist allegear fan it nûmer Rosie, dat ferline jier sels foar it earst yn de Top2000 stie (op nûmer 1760), mar sy steane wat ús oanbelanget noch folle mear bekend om harren enerzjike live-optredens. Bob giet foar Superkid!



Paceshifters

🕒 21.40-22.25 oere 📍 Wâlhalla

Yn 2012 spile Automatic Sam de pannen fan it dak op it Greidhoek' Festival mei in geweldige drummer. In jier letter gie hy by Automatic Sam wei en frege hy oft hy mei syn nije band Paceshifters ek op it Greidhoek' Festival stean mocht. Wy woenen harren earst wolris efkes in pear kear sjen foar 't wy hjir ta besletten, mar nei ien kear wisten wy al genôch. Nei Pinkpop, de Zwarte Cross, Welcome to the Village en Dauwpop wurdt it tiid dat de Paceshifters mei harren Nirvana-stoarmeftige rockmuzyk de Greidhoek' omfier spylje. Kom mar Bob mei dy 'Drone!'



ZEA

🕒 17.45-18.25 oere 📍 Wâlhalla

Arnold de Boer komt fan Makkum en begûn yn 1995 mei ZEA, mei twa maten fan de universiteit yn Amsterdam. Ynmiddels binne wy 20 jier fierder en spile Arnold mei ZEA mear as 1500 kear yn 35 lannen op mear as 6 kontinenten.

Hy spilet no solo mei syn gitaar en sampler en kaam dit jier foar it earst mei in Frysktalige CD. "Minsken yn it bûtenlân reageare like goed op myn Fryske as Ingelstalige muzyk". Dat komt moai út! Muzyk kin gjin grinzen! 'Make love, not wâl!'



Dr. Vil

🕒 22.25-23.15 oere 📍 Oan leger wâl-tinte

Dr.Vil is bekend fan de Stimpesampe-feestjes, de Wonderland-events en û.o. de Funkyfriday yn Club Hemmingway en minder bekend fan syn ynternasjonale tours troch û.o. Tailân. Hy soarget foar in (safolste) ûntmaagding foar it Greidhoek' Festival. Net earder hat Bob in techno-dj útnûge, frjemd genôch. Sjoen it grutte tal techno-leafhawwers yn de Greidhoeke, seker by de 30+, waard dat fansels heech tiid. Wy hawwe it dan net oer it rûge stamp-, hak- en seachwurk, mar oer subtile dance. It soartefan dance wêrfan't je yn trance reitsje. Techno as seks. Wêrby't it foarspul slo, switterich en broeierich tawurket nei in hichtepunt dêr't je geandewei it dûnsjen nei hunkerje. En it hichtepunt in ferburge ekstra dimensje yn him liket te hawwen. Dat soartefan ûntmaagding! 'Kom der mar ris Bob!'



Sebeare

🕒 16.55-17.40 oere 📍 Wâlhalla

De band Sebeare waard yn 1992 oprjochte yn it Volendam fan de Greidhoeke, Easterein, en waard yn 1997 winner fan Liet. Sy spylje saneamde fanfarepop en binne dwaande mei in soartefan reunytoer. Sy stienen dit jier wer ris op it poadium fan Aaipop en meie dan ek net ûntbrekke op it Greidhoek' Festival. 'Lit ús gean!'



Anbu Gang

🕒 22.25-23.10 oere 📍 De Wâlmart

Bob is oars as oars en is bliid dat hy jim kennismeitsje litte kin mei muzyk dy't oars as oars is. De jongerein fan tsjintwurdich hat net folle mear mei pop- en gitaarmuzyk. Sy lústerje allinnich mar nei dit soarte fette sjit. De Anbu Gang is sels fette leipe sjit. Dizze jongens rappe as hienen sy nea oars dien. Rekkenje der mar op dat it in gekkeboel wurdt. Foar it poadium stiet op 9 septimber de hiele jongerein fan de Greidhoeke mei te blêren: 'Bob hat in barkie Bob zak!'



3VOOR12/Friesland <3 Greidhoek

“Een liefde die wat ons betreft nog jaren mag duren!”

In 2014 hebben het Greidhoek' Festival en 3VOOR12/Friesland elkaar de liefde verklaard. Een liefde die nog steeds stand houdt en die wat ons betreft nog jaren mag duren. Want hoewel 3VOOR12/Friesland haar liefde voor andere partijen in Friesland ook niet onder stoelen of banken steekt is hetgeen wij met met Greidhoek' hebben wel heel speciaal.

Evenals voorgaande jaren mogen wij ook dit jaar weer enkele Friese acts meenemen naar Wommels. Traditiegetrouw is dat de winnaar van de Kleine Prijs van Fryslan (dit jaar is dat Katie Koss), aangevuld met Zea en nog niet bevestigde, edoch zeer relevante artiesten en acts uit de provincie.

Maar niet alleen wij nemen fijne artiesten mee naar Wommels, de organisatie komt ook dit jaar zelf ook weer met een paar hele fijne artiesten waar wij van 3VOOR12/Friesland wel iets mee kunnen, want Greidhoek' programmeert gewoon waar ze zin in hebben. Wat te denken van Claw Boys Claw? Helden uit het verleden, maar nog altijd relevant! Maar ook eigentijdse rockers als Paceshifters en The Jerry Hormone Ego Trip en uit eigen provincie (en daar zijn wij heel blij mee) Douwe Dijkstra en de Sneue Vertoning.

Met het opnoemen van deze namen kan ik iedereen alleen maar aanmoedigen om op 9 september af te reizen naar Wommels voor de zevende editie van het Greidhoek' Festival, misschien wel één van de leukste festivals van Friesland!

Theo van der Veer

Hoofdredacteur 3VOOR12/Friesland



Grut dreame en grut dwaan

Je kinne op de bank sitten bliuwe, mar je kinne ek de hannen út de mouwen stekke en de wrâld mei elkoar wat moaier meitsje. Neffens in kollega fan my is dat de essinsje fan Leeuwarden-Fryslân 2018. Ut namme fan hiel Nederlân kulturele haadstêd fan Europa. In kâns dy't nea wer foarby komt. Dogge jim ek mei? Dat kin troch stipe te jaan oan in bestend projekt as sels wat moais te betinken.

Kultuer lit ús neitinke, genietsje en bynt ús. Bedriuwen, frywilligers, kennisynstellings en amtners ferienigje harren rûnom kreative inisjativen om Fryslân posityf op de kaart te setten. Sa wurket Joop Mulder mei lânskipskunst oan nije toeristyske bestimmingen yn it waadgebiet. It programma Lân fan taal set Fryslân yn de haadrol as kennis- en publykssintrum meartaligens. En Kening fan 'e Greide en de keunst fan Claudy Jongstra ferbyldzje sûn buorkjen yn in sûn lânskip.

Fansels binne der eveneminten by dy't net yn 'e smaak falle, en miskien ek wol mislearje sille. Mar dat heart by sa'n grut barren. It giet om de stream inisjativen dy't ferrassend goed binne. Yn totaal jouwe sa'n 50 grutte projekten en hûnderten lytsere eveneminten de kommende tiid in boost oan fan alles en noch wat. Sosjaal, ekologysk en ekonomysk. Organisaasjes út de soarch litte harren kliïnten meidwaan en bern út earme wyken meitsje keunstfoarstellings. Romtlike kwaliteit en duorsumens komme heech op de agenda troch ferskate projekten. Hotels wurde iepene en de berikberens fan 'e provinsje en haadstêd hat noch nea sa goed west.

Noch wat in abstrakt ferhaal? Tink oan wat it Greidhoek' Festival foar Wommels betsjut. En dan wat grutter.

Make love not wall.

Wybren Jorritsma

Greidhoek'buordsjes op it terrein

Centrum De Mik hat de buordsjes dy't jim it paad wize nei en op ús festivalterrein makke. "Sa geane je altiten de goeie kant Bob!"

Greidhoek' doeken oan de dyk

De reclaimedoeken fan Greidhoek' Festival yn it lân jonken ferskate drake deken binnen stipe torch de FKWWI, de feriening Kollektif Wynmûnebesit Wommels lens, dy't yn Wommels en lens al sa'n rotte mooie dingen mei mooilik makke hat. Se binnen tige kreas en minne jierren mei, dat Bob seit: "Ik kom no rûnom as in pronkte út de groeide".



Wêrom al om 16.00 oere der wêze?


Mei de jierren binne wy al aardich groeid as festival. Net allinne yn de breedte, mar ek yn de lingte. De earste jierren gie de doar noch om in oer as 18.00 iepen, mar no sels al om 15.00 oere. Wy fine eins dat jim der wol oan ta binne om wat earder by ús te kommen. Sa binne wy der wis fan dat wy jim net allinne ferwenne mei de geweldige muzyk, mar ek mei it lekkere iten en de keunst. De bern kinne moai op tiid al mei en as je se net te let nei hûs ta bringe dan hawwe je noch in hiele jûn foar je. De bern foar 16.00 oere alfêst wat lekkers te iten of meidwaan oan in workshop en jo efkes genietsje by Jaap Prins mei de Roadhouse blues band. Kom mar Bob!



BOB-sjop

Stifting Greidhoek' Festival hat in wiere BOB-lijn. Wy ferkeapje sjurtsjes dy 't makke binne mei as grutste ynspirator Bob Ross. De shirts mei prachtige BOBdrukken kinne besteld wurde yn de BOB-sjop: www.greidhoek.spreadshirt.nl. De shirts binne makke yn gearwurking mei De Staat van Creatie. Dit bedriuw hat ek it logo fan it Greidhoek' Festival makke en hat sels ek in alderaardichste shirtsjop, dy 't it besykjen mear dan wurdich is; www.halvegaren.nl. Jim kinne se fêst ek wol fan 'Baas Himd'.

De BOBsjurts binne te krijen yn alle maten, fan babymaat oan 't 5XL. Der binne sawol sjurts foar manlju as froulju, de kwaliteit fan de shirts is heech en de prizen rinne útien fan 14 oant 27 euro.



Keunstprogramma

Fansels binne der bob it festival ek wer ferdivedearjende saken te finen dêr't net drekt in bak lûd út komt. Foar jong en âld, om nei te sjen, dy oer te fernuverjen of om oan mei te dwaan.

Fan it kastke nei de muorre

🕒 **Trochrinnend** **By de yngong**

Jou my dyn hân, jou my dyn hert, asto it doarst mei my. Kom der by en lit dy trochferwize. Bob helpt dy graach fierder. En wer werom. Of wer hinne.

Hertlik wolkom

🕒 **Trochrinnend** **Entree**

Live life love. Home is where the heart is. Even kopke ûnder yn Bob syn waarme wolkomwâlhalla en wurdst in better minske.

Joost Zijn happy home

🕒 **om 18:00, 19:00 en 20:00 oere by de yngong**

Oan 'e ein fan de wolkomwâllatunnel sjochst in felle gloede. Dat is it heldere ljocht fan Joost Zijn Onemanband Showorkest. Dizze ûnbeslipe diamant is bekend fan Holland's Got Talent.



Schuurmuur

🕒 **Fan 16:00 oant 20:00 oere** **Wâlery**

Paul Dennis Edens fynt dat keunst wol in bytsje skuorje mei. Dizze keunstner nimt materiaal mei in sêfte en in hurde kant mei nei Wommels foar syn spûnsknipperij foar bern en âlders.



Greidhoeke goes ûnderwiis - De Turegluur

🕒 **Tusken 16.00 en 20.00 oere**

Sûnt 1 maart 2017 folgje de bern fan de skoallen fan Wommels, Baard, Itens en Winsum de skries op syn reis troch Europa. Dizze reis stiet symboal foar de sykjende mins, ûnderweis nei in duorsume en noflike wenomjouwing. De bern gienen de natoer yn en op besite by keunstners en leare sa oer harren eigen omjouwing en oer oare kultueren. Yn de mobile fûgelgnúfhut De Turegluur presintearje sy harren wurk.



De Meisjes – BOB spanning

🕒 **17:45, 19:15 en 20:45 oere** **Wâlery**

Se binne der wer: dûnsgroep De Meisjes ûnder lieding fan koreograaf Marlien Seinstra. Acht deftige dûnsers binne fongen yn in muorre fan elastyk. Se triuwe. lûke, hingje. Wat bart der as se útbrekke?



Versjes van Lars

🕒 **Fan 20:00 oant 22:00 oere** **De Muorre**

Lars van der Werf (1987, Rotterdam) is 'plezierdichter' en makket Versjes oer de leafde. Hy docht dat op rym en Bob maat. Fan syn bundels Versjes van Lars en Heb Lief binne mear as 20.000 stiks ferkocht.



Make love, not wâl

🕒 **Tusken 16.00 en 20.00 oere**

Muorrekeunst! Paul Smit pleatst definityf syn en dyn namme op de muorre fan it Greidhoek' Festival 2017. Tag dyn eigen namme en meitsje sa dyn eigen keunst foar Boppe de bank.



Muorregedichten

🕒 Trochrinnend 📍 Wâlery 📍 De Muorre

Local action wâlwriting troch Pieteke de Boer. Muorren, tûnsketten sleatten en rûten binne net feilich as sy yn de buert is. Se bringt graach poëzij tichteby. Gewoan op stjitte moast it tsjinkomme. Pieteke helle muorren del mei leafdespoëzij – op it festival hielendal spesjaal foar dy.



Wâl of love

🕒 Trochrinnend 📍 De Muorre

Krik dyn oksitosinegehalte bop by de 'Wâl of love'. Dit krûphormoan makket dy minder gefoelich foar stress, ferslaving en eangst.

De muorren hawwe earen

🕒 Trochrinnend 📍 De Muorre

Lis dyn ear Bob de muorre en harkje nei leafdespoezij fan ûnder oaren Elmar Kuiper, Pieteke de Boer en Lars van der Werf. Net fliberje.



(B)likken en (b)lozen

🕒 Trochrinnend 📍 De Muorre

Hmmm... oehhh.... Heavy metal: Making vocal love mei in triedsje der tusken.

Make love, not war

Under de Toer - De profylfoto fan Klaas

🕒 Fan 16:00 oant 20:00 oere

De Whatsapp-profyfoto fan âld-Wommelser Klaas, de tsjerketoer fan Wommels mei de Fryske flagge der op, rôp by in groepke Wommelser de fraach op: Wat betsjut de Wommelser toer foar dy? De assosjaasjes en ferbylding fan bewenners fan de Talant-lokaasjes Tywerthiem en Boppeslach binne de reade trie foar De profylfoto fan Klaas, in muzikale teaterproduksje dy't ûnderdiel is fan it LF2018-projekt Under de Toer. De foarstelling wurdt spile op it Greidhoek Festival 2018. Dit jier begjint it projekt al: op 9 septimber rydt der fan 14:00 oant 16:30 in ferhalesammelbus troch it doarp. Hast ek in ferhaal? Hingje de flagge út en de ferhalesamplers fan Tywerthiem en Boppeslach komme by dy del. Oanslutend komme se nei it Greidhoek Festival. Ek dêr kinst dyn toerferhaal en -assosjaasjes noch oan harren kwy.



CoderDojo Wommels

🕒 Tusken 16.00 en 20.00 oere

Brek troch de firewalls hinne by de CoderDojo Wommels. Untsnap bygelyks út de Escaperoom fan Jort en Lars, bring dyn eigen tekening ta libben mei augmented reality en fang digitale Bobloooove mei Leap Motion.

CODER(DOJO);

Wâl of shame

🕒 Trochrinnend 📍 De Muorre

Wês op dyn iepenst de kommende tiid, oars hast (of bist) aanst another brick yn 'e imagowâl...

De Muorre

🕒 Trochrinnend

In wand, in ôfskieding, in geslacht fan planten út de Caryophyllaceae-famylje en in hurdfytstiidskrift. Dy fan Berlyn en Sjina kenne we allegearre, mar nij is it eksimplaar dat dwers oer it terrein fan it Greidhoek Festival rint. Funksjoneel en artistyk, want: a) beskermet ús tsjin de Snitsers en b) it ultime sintrale oanplakplak foar keunst.

Muorreblomkes

🕒 Trochrinnend 📍 De Muorre

Bliuw net oan 'e kant sitten, mar meitsje quick quick slow dyn eigen korsaasje foar Bob dyn dûnsoutfit. Mei help fan Eastereinder froulju, stof, nulle en trie.

Klaaimuorre

🕒 Trochrinnend 📍 De Muorre

Helje all dyn alternative facts en fake news boppe, om se dêrnei djip fuort te stopjen.

Skjintmesalon Plamuur

🕒 Fan 16.00 oere ôf

Dyn wâls binne yn good hands by Festivalsalon Plamuur fan de akteurs fan toanielferiening Surprise út Wytmarsum. Noch gau even wat groeden opfulle litte en strak yn de lak it festival Bob.

Borduurmuur

🕒 Trochrinnend

Bobduer mei oan dit Gesamtkeunstwurk fan de kop fan Bob. De bewenners fan Patyna Nij Stapert hawwe de earste krúskes al mei leafde op it patroan fan Paul Smit setten. "De hiele simmer noflik Bobduerd!"



Praktyske ynformaasje

	16.00	16.55	17.45	18.35	19.20	20.00	20.50	21.15	21.40	22.25	23.15	00.00	01.00
Wâlhalla		Sebeare		Katie Koss		Rooie Waas		Paceshifters		Claw Boys Claw			
De Wâlmart	Jaap Prins mei de Roadhouse blues band		Zea		Douwe Dijkstra en de Sneve vertoning		The Jerry Hormone Ego Trip		Anbu Gang		Mark Foggos Skasters		
De oan leger wâl-tinte								DJ Sjoerd		Dr. vil		DJ SPIKERHURD BUMBUM	
Wâlery- De Muorre			De Meisjes	Joost Zijn Happy Home	Joost Zijn Happy Home	De Meisjes	Joost Zijn Happy Home	De Meisjes 20.45	Versjes van Lars				
			17.45	18.00	19.00	19.15	20.00	20.15 - 22.00					

Is der noch mear?

It Greidhoek’ Festival soe it Greidhoek’ Festival net wêze at der net sa mar noch wat moais út de muorre komme kin. Tink dus om it grutte skerm foar aktuele ynformaasje, spontane optredens en oare omballings! Boblette dus!



Tagongskaarten

De kaarten foar it Greidhoek’ Festival kostje dit jier op ‘e nij €10,- it stik yn de foarferkeap. Oan de doar jilde se €12,- Bern fan 13 oant en mei 17 jier meie foar €5,- nei binnen ta, lykas 65+’ers. Bern oant en mei 12 jier meie fergees nei binnen ta. De kaarten binne yn de foarferkeap te krijen by Jumbo-Kooistra yn Wommels en fia www.greidhoekfestival.nl.

Bern en Bob fergees

Sa ‘t wy al seinen binne bern oan ‘t en mei 12 jier fergees. Dêrneist meie fansels alle lju dy ‘t wier Bob hjitte ek fergees it festivalterrein op. By de yngong moat dan al efkes in jildich legitimaasjebewiis sjen litten wurde. En efkes Bob de foto?

Foarferkeap

Kaarten foar it Greidhoek’ Festival kinne yn de foarferkeap kocht wurde by de Jumbo-Kooistra yn Wommels foar €10,- per stik of fia www.greidhoekfestival.nl. Kaarten foar de jongerein fan 13-17 jier en 65+’ers binne allinnich te krijen oan de doar.

Tagong

It Greidhoek’ festival fynt plak op it smûke Wommelser swimbadterrein. De tagong nei it Greidhoek’ Festival is oan de kant fan de jachthaven en is fia de Terp-kant ôf te berikken.

Bern

Wy binne gek op bern, benammen as se noch yn de bernewein sitte. Om foar te kommen dat de basisskoallejeugd gauris it terrein op en ôf giet freegje wy oft der by it ferlitten fan it terrein in folwoeksene meigiet om de boel wat yn ‘e gaten te hâlden. Bob docht fan alles om jim te fermeitsjen, mar is gjin Bobpas!

Parkeare

Parkeare kin û.o. by de Jumbo oan de Terp. Buorden sille dúdlik meitsje hoe’t je op it festivalterrein komme. Ek kinne je fansels netsjes in plakje foar de auto fine earne oars yn Wommels. Bygelyks op de parkearplakken fan de skoallen oan de Walperterwei. Lytsjild kinne je wol thúslitte, yn de hiele Greidhoek’ is it parkearen fergees.

Munten

Ek dit jier wurkje wy wer mei munten. Se binne te keap op ús Wâlstreet en kostje lykas eardere edysjes Bob ‘e nij €2,- it stik. Hjirmei kin iten en drinken besteld wurde op it festivalterrein. Ek dit jier wurkje wy wer mei prachtige spesjale Bob-munten dy ‘t allinne dizze Greidhoek’ Festival-edysje jildich binne. De munten kinne ek mei de pinpas betelle wurde.

Huskes

Ek dit jier hoege de froulju net op Dixi’s út de broek, mar komt der wer in spesjale lúkse-húskewein. Ek foar dizze húskes kinne jim it lytsjild wol thúslitte. Fansels is it brûken fan de húskes op it Greidhoek’ Festival fergees en kinne je dus foar neat út de panty en hoeft je net yn ‘e hoksen yn ‘e wâl.

Tiid

It festivalterrein is iepen fanôf in oer as 15.00 oere. Kom net te let, want om 16.00 is it lyk al de muoite wurdich om by Jaap Prins en de Roadhouse Blues Band te sjen of je te fermeitsjen mei workshops. De taap slút om 1.30 oere.



Stipers

Ofte wol Opper - en Opper OpperBoppers

Om i arje (stiper c.q. OpperBopper) wêrtroch't de bedriuwsnamme troch ús aktyf promoaten wurdt. Skriuw it bedriuw yn troch te mailen nei info@greidhoekfestival.nl of kontakt op te nimmen mei Lukas Offinga: lukas@greidhoekfestival.frl / 06-20343380. Der binne twa stiperspakketten:

Haadstiper(Opper-OpperBopper)

- In unike manier om it bedriuw yn de Greidhoek' te promoatsjen
- Logo + link prominint op alle sides fan ús webside
- Logo op posters, flyers, billboards
- Nammefermelding yn parseberjochten
- Ludike reklamemooglikheden op it festival
- Nammefermelding yn in tankadvertinsje
- 10 frijkaarten

Stiper (OpperBopper)

- In unike manier om it bedriuw yn de Greidhoek' te promoatsjen
- Logo + link rûlearjend op alle pagina's fan ús webside
- Logo + link op de webside ûnder de side 'OpperBoppers'
- Reklamemooglikheden op it grutte skerm op it festival
- Nammefermelding yn in tankadvertinsje
- 4 frijkaarten

Ús Opper-OpperBoppers binne dit jier:



OpperBoppers 2017

Accelent	Gerbrandy Heibedrijf	en hout
Allicht	Hankel 's Technisch Bedrijf	Studio Smids
Amaranthus	HEGO	Teledatacom
American Base	lisbaankeukens	Timmer- en Aannemersbedrijf Van Ruiten
Autobedriuw Twijnstra	Jimbar	Timmerbedrijf Ruurd Veldhuis
B & O Bandenservice	Kamstra Steenhandel	TMB De Jong
Bentacera	KICK-jongenscoaching	Troch Anke
Bos Konstruktie en	Mannen van Staal	TRW-service
Machinebouw B.V.	Margje 24	Túnman Teake
Boubedriuw Kooistra	Metsel- en voegbedrijf T.	Van der Velde Slaapcomfort,
Bouw-Tekenburo Wietse B.V.	Haakma	Mode en Textiel
Ligthart	METZ-Style	Warenhuis Van der Velde
Brouwers Schilders	Multiservice (Jurjen) Bos	Wetterwille
CMC-groep	Nanning Dijkstra Renovatie	Wheagan Multi Car Service
DA-Fizel	Bouw	Wiersma Administratieve en
De Jong Tweewielersbedrijf	Nijdam Skildersbedriuw	Fiscale dienstverlening
Eetcafé Jonker Sikke	Opvallend Reclame	Wiersma Equipment
Effectief Onderwijs	Sambrini Pizza's	Woonvaria
FIC-Financials	SAM-onderhoud	Xelvin
Foodbrothers	Slagter custom made RVS	

Bob-jûn

Boppers, OpperBoppers (stipers) en frijwilligers fan it Greidhoek'festival kamen op freed 12 maaie wer manmachtich nei it hôf oan de Van Sminialeane foar de Bobjûn. Mei in hapke yn de iene en in snapke yn de oare hân en tuskentroch it muzyklûd fan The Magic Fever Band waard troch Bob Ate in taljochting jûn op it Greidhoek'Festivalprogramma 2017, sa't dat no yn dizze krante stiet. De bining mei de frijwilligers, de Boppers en de OpperBoppers is tige wichtich foar de organisaasje. In moaie jûn dy't it startsein wie om der mei-inoar wer in ferrassend festival fan te meitsjen. Bob nei Bobjûn 2018! Mar earst Bob nei it Greidhoek' Festival fansels!



Wurd ek Bopper

Om alle jierren sterk útein te setten is der kapitaal nedich en dêr hawwe wy belutsen minsken foar nedich. Foar €40,- krigest 2 frijkaarten, in plakje yn de Bob-100, in útnûging foar de Bob-jûn (frijwilligersjûn/stipersjûn/parsekonferinsje yn maaie/juny 2018) en fansels ivige rom en respekt. Set dysels noch gau efkes yn de Bob-100 edysje 2017 troch op www.greidhoekfestival.nl/boppers dyn gegevens yn te foljen. De frijkaarten komme dan begjin septimber nei dy ta. De Bob-100 2017 sjocht der oan 't no ta sa út! Bob nei de 100!



de BOB-100

- | | | |
|---------------------------|----------------------|---------------------------|
| 1. Bob | 36.Namkje & Wybren | 73.Sjoerd van Beem |
| 2. Hennie & Pieter Jan | 37.Tineke & Pieter | 74.Mirja & Paul |
| 3. Maaïke & Harry | 38.Immie & Enno | 75.Afke & Henk |
| 4. Monique & Jan Vellinga | 39.Pep & Eddy | 76.Jansien & Jantinus |
| 5. Theresia & Gerben | 40.Evelyn & Robert | 77.Ingrid & Douwe |
| 6. Atty & Freddy | 41.Holger Bakker | 78.Anneke & Rudolf |
| 7. Margriet & Minne | 42.Jellie & Aant | 79.Annelys & Rudy |
| 8. Hein Damstra | 43.Tjitske & Sybe | 80.Irene & Tony |
| 9. Antsje & Sipke | 44.Grietje & Hink | 81.Ineke & Peter |
| 10.Gido Bamboe | 45.Fenna & Ab | 82.Ida Wetting |
| 11.Maureen & Hans | 46.Carla & Tseard | 83.Yvonne & Jan-Jetze |
| 12.Anna-Marie & Popko | 47.Anneke & Rutger | 84.Otie & Henk |
| 13.Afke & Thom | 48.Wytske & Rudy | 85.Amarins & Aebe |
| 14.Emma & Harrie | 49.Marij & Sjaak | 86.Paul de Bruin |
| 15.Henk Wetting | 50.Anita & Teake | 87.Elbrich & Jacco |
| 16.Tineke & Hinne | 51.Anne Marie & Paul | 88.Alberdina & Piet |
| 17.Marieke & Lukas | 52.Frederike & Germ | 89.Feikje & Cor |
| 18.Janneke & Rutger | 53.Sytske & Gerlof | 90.Annelies & Pieter |
| 19.Klaske & Meinte | 54.Geeske & Bram | 91.Dukke & Tjerk |
| 20.Corrie & George | 55.Ilse & Anne-Jan | 92.Tjalke Gaastra |
| 21.Esther & Tsjipke | 56.Carín & Frans | 93.Karin & Jasper |
| 22.Nynke & Marcel | 57.Rixt & Johan | 94.Janneke & Teade |
| 23.Lolke Hofstra | 58.Anneke & Theun | 95.Foekje & Hans |
| 24.Merel & Meint | 59.Marika & Joop | 96.Monique & Sjoerd |
| 25.Daan Boersma | 60.Amarins & Cor | 97.Corrie & Rintje |
| 26.Franke Wiersma | 61.Sascha & Jaap | 98.Marga & Jan |
| 27.Margriet & Henk | 62.Nynke & Ronny | 99.Rens & Cornelis |
| 28.Anke & Pier | 63.Nynke & Remco | 100.Pieteke & Jan |
| 29.Sjoerd Rispens | 64.Petra Hoekstra | 101.Liesbeth van der Ende |
| 30.Berber & Folkert | 65.Margje & Tiede | 102.Thea & Johan |
| 31.Marjan & Marco | 66.Aligonda & Klaas | 103.Do? |
| 32.Tine & Jaap | 67.Monique & Jan | |
| 33.Yvonne & Marcel | Hibma | |
| 34.Tecla & Durk | 68..Jolanda & Herre | |
| 35.Marieke van Roy | 69.Caroline & Jurgen | |
| | 70.Cindy & Erik | |
| | 71.Grytsje & Jelle | |
| | 72.Petra & Trienus | |

BOB bob ynternet

- *Fansels hat it Greidhoek' Festival in eigen webside. Dizze is te finen op: www.greidhoekfestival.nl en ek op www.greidhoekfestival.frl
- *Ek binne wy te finen op Facebook: <https://www.facebook.com/GreidhoekFestival>
- en Bob <https://www.facebook.com/bob.greidhoek>
- *Bob twittert Bob: [@Bob_Greidhoek](https://twitter.com/Bob_Greidhoek)
- *Ek sit Bob Bob **Spotify**. Lústerje alfêst nei de artysten dy 't op 9 septimber op it Greidhoek' Festival komme troch yn te loggen op Spotify en te sykjen op **"Greidhoek' Festival"**.
- Dizze Spotify-playlist is ek te finen op ús ynternetside:
- www.greidhoekfestival.nl.
- *In playlist kinne jim ek fine op Youtube troch nei www.youtube.nl te gean en te sykjen op **"Greidhoek' Festival 2017"**.

ÚTLJOCHTE

Jaap Prins mei the Roadhouse blues band

🕒 16.00-16.40 oere 📍 De Wâlmart

Alle lêste sneinen fan de moanne spilet der blues yn it kafee yn Easterein. Eltse kear begjint it om 16.00 oere en stean de auto's oant yn Itens ta. Soks like Bob ek wol wat en dêrom hat er hat Jaap Prins frege om mei de Roadhouse blues band op it Greidhoek' Festival te spyljen. Gewoan om 16.00 oere efkes de pannen fan it dak spylje om der yn te kommen! No al nocht oan! Bob soe Bob de fyts komme!



The Jerry Hormone Ego Trip

🕒 19.50-21.35 oere 📍 De Wâlmart

The Jerry Hormone Ego Trip is de nije band fan de Rotterdamse skriuwer Jerry Hormone. In protte bern sille him kenne as skriuwer fan de boekjes fan Borre. Sy sjonge oer deistige saken lykas tederheid, de kaketoekan, in medisynman, Josefien en suskes fan freonen dy't stout, stout binne. Sa hjit de debútelpree fan The Jerry Hormone Trip ek, dy't yn desimber 2016 útkommen is.

Jim koenen se earder al sjen by û.o. De Wereld Draait Door. Bob sjocht no al út nei syn favorite nûmer fan Jerry Hormone; 'Dood! Dood! Dood!', mei de prachtige frase "Vandaag voel je je kerngezond, morgen lig je onder de grond". Je kinne der Bob dûnsje as wie it je lêste dei!



DJ SPIKERHURD BÛMBÛM

🕒 0.00-1.00 📍 leger wâl-tinte

Raggatek DJ SPIKERHURD BÛMBÛM is net fan dat benaude. De beats en bass donderje wol sa spikerhurd út syn masine. Dêr kin net ien by stilstean. De kombi tusken Hardcore en Reggae klinge nûver mar wol sa alderferkuorrendst lekker. Hakke en space! By DJ SPIKERHURD BÛMBÛM is alles lafa!!!



Mark Foggo's Skasters

🕒 0.15-1.15 oere 📍 De Wâlmart

Mark Foggo wurdt wol de krúsing tusken Iggy Pop en Mr. Bean neamd. Hy makket al jierren ska-muzyk as ien fan de bêsten en stie mei syn Skasters ek op it ôfrûne Befrijingsfestival yn Ljouwert. It wie dêr alderglûpendste kâld by de Oldehou, mar Mark Foggo soarge der mei syn Skasters foar dat elkenien yn beweging kaam en net ien it oer de kjeld hie. Wat in enerzjy! Ea it Dielshûs plaspile en daliks de hiele Greidhoeke! Wy sjogge jim op 9 septimber rûn in oer as 0.15 oere Bob de dûnsflier!



Douwe Dijkstra en de sneue vertoning

🕒 19.20-20.00 oere 📍 De Wâlmart

Douwe Dijkstra en de sneue vertoning spilet necropop sa't je dat noch nea earder heard hawwe en heechstwierskynlik ek nea wer heare sille.

Tink oan in krusing tusken Meindert Talma en in Death-metal grunter. Nei alle gedachten spylje sy op it Greidhoek' Festival mei in nije deadskist op it poadium, want de foarige hienen sy al 3 jier mei op toer wylst sokke kisten gewoanwei sprutsen mar foar ien ritsje makke binne... Tige drûch mei in morbide ynslach. Allinne foar leafhawwers. Bob is derby!



DJ SJOERD

🕒 21.15 – 22.15 📍 leger wâl-tinte

Yn de tsjustere 'Oan-leger-wâl-tinte sille wy de swarte kant fan it festival sjen en heare litte. Foarôfgeand oan Dr. Vil en DJ Spikerhurd Bûmbûm sil opslûpte jeugd út Wommels yn de persoan fan DJ Sjoerd in muorre fan lûd oplûke. Kom Bob en kom 'Oan leger wâl!'



Rooie Waas

🕒 20.00-20.40 oere 📍 Wâlhalla

De eigensinnige Amsterdamse anti-synthpop formaasje Rooie Waas komt nei it Greidhoek' Festival mei stevige ritmes, dwerse synths en pittige teksten. Kin der op dûnse wurde? Dat meist sels bepale. Ien ding is wis: It moat wol leuk bliuwe! Der kin wy Bob bouwe!



Katie Koss

🕒 18.35-19.15 oere 📍 Wâlhalla

Katie Koss is in fleurige 21-jierrige sjongster-ferskesskriuwster. Yn 2015 stie sy ek al op it Greidhoek' Festival. Sy stiet foaral bekend om har waarme bûtengewoane stimlûd. Nei jierren as solo-artyste op lytskalige eveneminten stien te hawwen ûntstie der in 5-koppige band mei in nij karakter; elektronyske popmuzyk mei poëtyske teksten.

Begjin 2017 brochten sy 2 singles út en dat smiet lyk optredens op ferskate poadia op, it foarprogramma by LAKSHMI en úteinlik sels de winst fan de Kleine Prijs van Friesland en dêrmei in plakje op it Greidhoek' Festival. It werkenbere stimlûd foarmet tegearre mei de elektronyske drums en synths foar in unyk Katie-Koss-lûd. Bob is fereale! Foar him is it Katie 'Ross'!



"Komt Eddie Wally net?"

ITERIJ

Foodbrothers

De Foodbrothers komme alwer foar de 6e kear nei nei ús festival mei harren Amerikaanske hotdogkarre. Ek dit kear komme sy wer mei harren hiele roedel. Ferline jier kamen sy spesjaal foar Bob mei harren Biologyske spesjaliteit de Sterke Jerke en wy binne benijd wat sy dit jier spesjaal foar Bob út de koksmûtse toverje sille. Rekkenje der mar fêst Bob dat it smakket.



Bhutanese curry

Yn gearwurking mei Murk's Slagerij en de de Wommelser Bhutanezen Prahlad en Arjun is der ek dit jier wer curry. Se hawwe sawol curry mei as sûnder fleis te keap. Ferline jier moasten se healwei de jûn alle skappen fan de Jumbo's yn fiere omkriten noch leech keapje, sa lekker wie it. Nim in pear happen fan de curry en jim sille de muorre fan eksoatyske krûden nea wer ferjitte, oanslutend mar gau wer in pilske.

In kulinêre ferrassing fan Jumbo(b)

Mei al dy lekkere iters op it terrein falt it net mei foar de Kok fan de Jumbo om te kiezen wat hy foar jim klear meitsje sil. Pas op it lêste momint sil der dúdlik wurde wat der te keap is by de stand fan ús OpperOpperBopper. Soe it wat út de muorre wurde? As in lekkere platte pannenkoek? Nacho's of Tortilla's? We sil it sjen en priuwe op 9 septimber.



Kaldi koffie

Ek dit jier kinne jim wer in bakje kofje, té, espresso, cappuccino of hokker soartige waarme drank dan ek krije by ús man fan Kaldi-koffie. Soe der foar Bob ek in spesjaal noflik pittich bakje Bobbie hawwe? #Covfefe



Iten

Ek dit jier kin der wer hearlijk iten wurde Bob it Greidhoek' Festival. Hjir alfêst in lyts foarpriuwke, mar skrik net as Bob noch mear ferrassend lekker iten út syn bulte hier gûchelt, want Bob is gek Bob ferrassingen. Nei it Greidhoek' Festival mar in wike Bob de hongerpôle!

Murk's Spareribs

Murk's Slagerij stiet dit kear op it Greidhoek' Festival mei de alderlekkerste spareribs fan de hiele Greidhoeke. Mei leafde klearmakke. Benijd as jim in hiele muorre oan spareribs op kinne. Tink om je fingers!

Margje 24

Ilsbuorkerij Margje 24 út Warkum makket ambachtlik iis fan de molke fan de eigen kij. Se hawwe in saneamde 'ijssaloon' op de buorkerij dêr't de minsken in ferskaat oan smaken iis krije kinne, lykas by in iissalon yn de stêd, mar dan folle lekkerder! Sûnt 2013 hawwe Sander en Deborah ek in iiskobus, wêrmei't se mei harren iis nei eveneminten ta geane. Sadwaande komme se ek dit jier wer op it Greidhoek festival. Soenen sy foar Bob ek in spesjale iisko hawwe mei spesjale slachrjemme der Bob? As iis like swart as it hier fan Bob?



Pizzapunten

Lykas ferline jier binne der ek dit Greidhoek' Festival wer pizzapunten te krijen. De lju fan Sambrini Pizza's út Dearsum sille se wer foar ús bakke. Benijd wat sy dit kear Bob de pizza dogge! Dat it smeitsje sil is wis!



Tosti Kip

De klassike tosti mei ham en tsiis, tosti mei brie en huning, tosti mei geitetsiis, dat liket der Bob! Biologysk, fegetarysk en ek noch klearmakke mei streekprodukten. Yn in âlde Kip-karavan út 1982 kin we genietsje fan in lekkere tosti, Bob hat no al nocht om der yn om te iten.

Presintator 2017:

Aant Hofstra!!

De 7e edysje fan it Greidhoek' Festival wurdt Bob 'e nij presintearre troch de man dy 't mei de jierren safolle bands sjoen hat dat der eins net in band mear is dy't hy net kin. Jim kenne him fan syn lisfyts, SDS, syn burd, it efkes baljen, syn skriuwen en

daliks ek fan syn parate muzykkennis. Hy sil jim fan út it Wâlhalla te wurd stean; Aant Hofstra.



Make love not war

GREIDHOEKE FESTIVAL



"Oant 9
septimber!"